



120523[2]

Oan de leden fan de *Feriening Frysk Underwiis*

Itens, 19 april 2012

Underwerp: jiergearkomste **FFU** op 23 maaie 2012

Achte leden en stipers,

It bestjoer fan de *Feriening Frysk Underwiis* noaget jimme út foar it bywenjen fan de jiergearkomste op 23 maaie 2012. In bysûndere gearkomste, want de *FFU* bestiet 25 jier. Oprjochte yn 1987 foar âlden en oare belanghawwenden dy't goed ûnderwiis yn it Frysk realisearje wolle. It wie doe ek al dúdlik wurden dat it mei de ferplichting fan it Frysk yn it basisûnderwiis yn 1980 net rjocht klear kaam. De formele posysje fan it fak Frysk yn it basisûnderwiis wie net sa min, mar de praktyk wie oars. It lêste ynspeksjerapport (*Tussen wens en werkelijkheid*, novimber 2010) oer it ûnderwiis yn it Frysk yn basis- en fuortset ûnderwiis tsjûget dêr ek fan.

Yn it op 17 april 2012 publisearre jierlikse rapport fan de *Underwiisynspeksje* wurdt konstataarre dat it mei de kwaliteit fan de basisskoallen yn ús provinsje de goede kant útgiet. Noch mar trije skoallen krije it predikaat 'tige swak'. Dat wiene yn 2007 seisentweintich en yn 2010 noch sân. Sjonge wy dan nei de fiif yndikators út it brûkte wurdearringsramt, dan komt 'Nederlandse taal en rekenen' in pear kear foar, mar it Frysk wurdt net neamd. It docht der dus blykber net ta. De beheining fan de kwaliteit fan it ûnderwiis ta it mjitten fan it Hollânsk en rekkenjen - en skoallen dêr yn it iepenbier op ôf rekkenje - is dan ek de grutste bedriging fan dy kwaliteit yn it algemien en fan it Frysk yn it bysûnder. De ynspeksje is sels (mei) de oarsaak fan de yn 2010 konstataarre minne risseltaten fan it ûnderwiis yn it Frysk. It seit himsels dat de skoallen yn Fryslân net yn ferset komme tsjin dat belied, dat alles by it Hollânsk opset en it Frysk as ferplichte fak deaswijt. As se mar net op de list komme fan swakke en tige swakke skoallen!

De diskusje de ôfrûne pear jier oer mear foech nei de provinsje oer it ûnderwiis yn it Frysk hat neat opsmitten. It Ryk konstataarret dat it mei it ûnderwiis yn it Frysk noch sa min liket, dat dêrom fan foechoerdracht gjin sprake wêze kin. De provinsje sil as treastpriis wat mear by it belied behelle wurde en moat soargje foar in better 'draachflak' foar it ûnderwiis yn it Frysk; draachflak dat krekt troch it ryksbelied op alle mooglike wizen ûnderstek dien wurdt, de ynspeksje foarop. Al jierren wurdt praat oer yntegraal meartalich taalûnderwiis, mar de ynspeksje wit allinnich fan ientalich (Hollânsk) taalûnderwiis en jout de skoallen de skuld as dy neat fan it ûnderwiis yn it Frysk meitsje.

En de provinsje dan? De provinsje is bliid mei de deade mosk om advys oan it ministearje fan Underwiis út te bringen yn gefal dat it ministearje de kearndoelen Frysk feroarje wol. Yn it eardere útstel fan it kabinet nei oanlieding fan de kommisje-Hoekstra stie noch dat de provinsje de foarstap nimme mocht, mar yn it yn febrewaris 2012 sletten 'Konvenant Fryske taal 2011' is dy aktive rol ferdwûn.

Der is noch in wrâld te winnen lykas ik yn it brief fan ferline jier ek al konstataarre.

It bestjoer makket him soargen oer de takomst fan it Frysk as der yn it ûnderwiis sa mei ús taal omgien wurdt. Jimme ynbring is nedich!

Wy noegje jimme dêrom út foar de jiergearkomste op 23 maaie 2012, de jûns om 19.30 oere op ús fêst bestjoersadres: Bleekhof 55 yn Ljouwert (adres fan *Klaske Straatsma*).

It programma sjocht der sa út:

1. Iepening
2. Ferslach jiergearkomste 25 maaie 2011
3. Jierferslach 2011
4. Finansjeel oersjoch 2011
5. Fryske Cito-toets begripend lêzen groep 8 (Sytze Hiemstra)
6. 'Convenant Friese taal in het onderwijs 2011' (Tom Dykstra)
7. Bestjoersútwreiding: Geart Tigchelaar
8. 25 jier FFU en fierder
9. Wat fierder op it aljemint komt
10. Omfreegjen en sluten.

Yn ferbân mei it klear setten fan de stuollen, tee/ kofje mei wat derby is it saak dat jimme efkes berjocht jouwe as jimme fan doel binne om te kommen. Graach foar **20 maaie** nei ien fan de neikommende adressen:

- de skriuwer, till. 0512-518927 of e-post ffupost@hotmail.com
- de foarsitter, till. 0515-331868 of e-post dijkstrathomas@hotmail.com

Mei freonlike groetnisse
en graach oant sjen op 23 maaie 2012,

Th. Dykstra,
foarsitter FFU

Taheakke:

- ferslach jiergearkomste 25 maaie 2011
- jierferslach 2011
- finansjeel ferslach 2011
- strypke foar de kontribúsje

Kontribúsje

Sûnder jo bydrage kinne wy neat út 'e wei sette. De ponghâlder soe foar 2012 (of earder) graach de kontribúsje ynbarre wolle:

- a. De bydrage foar 2012 fan **€10** (wat mear is fansels tige wolkom) graach oermeitsje op rekkennû. 23.56.038 op namme fan: **FFU, E. Knotter, Beetsterzwaag**.
- b. As jo de kontribúsje foar *eardere* jierren noch net oermakke hawwe, dan dat ek graach ynoarder meitsje.

Jo kontribúsje oer de jierren 2008/2009/2010/2011 hawwe wy **al / noch net** krige.

Bedrach €.....

De ponghâlder

Us tank!

